

Tekst 1 It fersin fan René Descartes

- 1p 1 Hokker funksje hat alinea 1?
A gearfetting
B yntroduksje
C konklúzje
D oanlieding
- 1p 2 Wat is de kearnsin fan alinea 1?
- 1p 3 Wat is it ferbân tusken alinea 1 en alinea 2?
A oarsaaklik
B opsomjend
C tsjinstellend
D útlizzend
- 3p 4 Hoe stekt de argumintaasje yn alinea 2 yninoar? Gean út fan hiele sinnen en brûk yn it antwurd de begripen 'argumint', 'konklúzje', 'stelling' en 'subargumint'.
- 2p 5 Wêrom is it fersin dat yn alinea 3 neamd wurdt 'kartesiaansk-eftich'? Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p 6 Yn alinea 4 wurde doel en wurkwiize fan it 'kafetaria-eksperimint' neamd. Hokker flater makket de ûndersiker yn dy alinea? Brûk net mear as 25 wurden.
- 2p 7 "Wy wienen ... wjirms wol." (r. 56-58)
Hokker ferklearring jout de skriuwer foar de ûnferwachte kar fan de fûgels?
Brûk net mear as 20 wurden.
- 1p 8 Wat is de relaasje tusken de sinnen "Yn de ... te kreakjen." (r. 60-64) en "Sa die ... har spiermage." (r. 64-67)?
A oarsaaklik
B opsomjend
C tsjinstellend
D útlizzend
- 1p 9 Mei de sin "Dat wie ... ferkeart, ensafierder." (r. 70-77) jout Piersma in ûnderbouwing fan in bewearing út de foargeande alinea's. Hokker bewearing is dat? Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p 10 Wat is opmerklik yn Piersma syn brûken fan it stylmiddel retoaryske fraach yn alinea 8? Brûk net mear as 20 wurden.
- 1p 11 Wat is de soortgelikense oantsjutting fan 'couchpotatoes' by de mients?
- 2p 12 Wat is de haadgedachte fan alinea 8? Brûk net mear as 20 wurden.

- Yn alinea 9 komme ferskillende typen fan argumintaasje foar.
- 1p **13** Sitearje de drôchreden yn dy alinea.
- Oare argumintaasjeformen as de drôchreden binne bygelyks argumintaasje op grûn fan 'autoriteit', fan 'fergeliking', fan in 'foarbyld' en fan 'ûnderfining'.
- 2p **14** Wiis twa fan boppesteande argumintaasjeformen oan yn alinea 9 en sitearje de sinnen dy't dêr by hearre.
- Piersma neamt de tinkwize fan Hawking dat de minske de ierde skylk ferlitte moat, in grut fersin (alinea 12).
- 2p **15** Wat is it fersin dat Hawking neffens de skriuwer makket? Brûk net mear as 15 wurden.
- "By de ... wie permanint." (r. 203-205).
- 2p **16** Hokker tinkflater makket de skriuwer mei dy opmerking? Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p **17** Fan hokker ynkonsekwinsje tsjûget dy opmerking? Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p **18** Hoe komt it dat de gewichtleazens fan ynfloed is op it hertfolume? Brûk net mear as 15 wurden.
- Feitlik is de titel fan it artikel in bytsje misliedend.
- 2p **19** Lis út wêrom't dat sa is. Brûk net mear as 20 wurden.
- 1p **20** By watfoar tekstsoarte heart dizze tekst?
- A redenearring
 - B resinsje
 - C skôging
 - D útiensetting

Tekst 2 Grut wurde mei twa talen

- "Is meartaligens wier sa'n mearkoppich meunster?" (r. 8-9)
- 1p **21** Wêrom wurdt hjir dat byld fan in 'mearkoppich meunster' brûkt? Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p **22** Wat is de funksje fan alinea 1?
- A fraachstelling
 - B gearfetting foarôf
 - C oanlieding
 - D stelling

Yn alinea 2 brûkt de skriuwster in rekkenkundich argumint om oannimlik te meitsjen dat de werklikheid oars is.

- 1p **23** Wat doocht net oan it rekkenkundich argumint?
- A Dat ien gjin wiskundewûnder is, bewiist net dat der hiel wat meartaligen wêze moatte.
 - B It argumint soe allinnich mar jilde as der minder as seis tûzen minsken wiene.
 - C It is net mooglik om nei te gean oft de brûkte sifers klopje.
 - D It tal minsken wurdt net yn de berekking behelle.

Alinea 3 begjint mei in definysje fan meartaligens.

- 1p **24** Is de skriuwster it mei dy definysje iens?
- A Ja, mar se jout der in nuansearring by oan.
 - B Ja, want lytse bern kinne hiel maklik twa talen tagelyk oanleare.
 - C Nee, want de definysje easket praktysk it ûnmooglike.
 - D Nee, want in twatalige is net twa ientaligen yn ien.

- 1p **25** Wat is it ferbân tusken de sinnen “Faak wurdt ... yn ien.” (r. 24-30) en de passazje “ik bin ... it Ingelsk.”? (r. 30-42)

- A foarwearklik
- B opsomjend
- C tsjinstellend
- D útlizzend

- 1p **26** Wat is de funksje fan it lêste part fan alinea 3 “Kennis fan ... hawwe sille.”? (r. 42-50)

- A ynlieding
- B konklúzje
- C oanlieding
- D stelling

De taalfeardigens fan meartalige bern is faak negatyf yn it nijs, bygelyks as it giet om de problematyk oangeande taalachterstân. (alinea 6)

- 1p **27** Wêrom is de skriuwster it net iens mei de bewearing dat meartalige bern in taalachterstân hawwe? Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p **28** Wêrom is it wichtich om te witten dat hast de helte fan de bern dy't yn Nederlân in taalachterstân hawwe, ientalich is? (alinea 8) Brûk net mear as 15 wurden.

- 1p **29** Wat wol de skriuwer mei it kaartspultsje (alinea's 10-11) oantoane oangeande twataligens? Lis dat út yn net mear as 10 wurden.

De skriuwster stelt oan it begjin fan alinea 14 dat wittenskippers net sa goed witte wannear't bern it bêste begjinne kinne mei it oanlearen fan in twadde taal.

- 2p **30** Wêrom kin dat mooglik better net fuortdaliks fan de berte ôf oan? Helje it antwurd út de resultaten dy't it ûndersyk fan Ellen Bialystok opsmiten hat (alinea 10 en 11). Brûk net mear as 25 wurden.

Eindexamen vwo Fries 2012 - I

havovwo.nl

- 2p **31** Wat is it nije yn de doelstelling fan it ûndersyk nei in twatalige opfieding dêr't de skriuwster nei ferwiist yn alinea 14 yn fergeliking mei de doelstelling fan de ûndersiken dy't neamd binne yn alinea 5? Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p **32** Wat is de funksje fan de lêste alinea?
A gearfetsje
B in miening jaan
C in stelling ponearje
D konkludearje
- We witte wol, stelt de skriuwster yn har lêste sin, dat beide talen dêr't in meartalich bern mei opgroeit, fan belang binne.
- 2p **33** Wat soe in Frysktalich bern dat ek Nederlânsktalich is neffens Sharon Unsworth foar hawwe op in bern dat ientalich is?
- 1p **34** Wat is it skriuwdoel fan de tekst?
A ynformearje
B oantrune
C oertinke
D oertsjûgje